


Skikky



Dizze Skikky is fan: _____






Wetter út 'e kraan

Wy brûke in protte wetter. Wol 135 liter op in dei. We drinke mar twa liter. De rest brûke we foaral om dingen skjin te meitsjen. De waskmachine, ôfwâskje, de wc of eefkes ûnder de dûs nimt in protte wetter. Gelokkich ha we yn Fryslân wetter genôch. We pompe it gewoan út 'e grûn. Dat grûnwetter is skjin en rekket net gau op. As it reint komt der wer nij grûnwetter by. Wetter út 'e kraan is net gratis. Dêrom meist kraanwetter net fergrieme.

Opdracht:

Set de sifers op it goede plak yn de tekening.




- | | |
|----------------|------------------|
| 1. Wolk | 6. Hûs |
| 2. Reinbôge | 7. Beam |
| 3. Sinne | 8. Wetterlieding |
| 4. Pompstasjon | 9. Sleat |
| 5. Grûnwetter | 10. Gers |



It rioel

De grûn by dyn hûs leit fol mei kabels en buizen. Kabels foar stroom, telefoan, televyzje en ynternet. En buizen foar gas en wetter. Gas foar de CV en de oven en wetter foar de kraan. It dikste binne de buizen fan it rioel. As wy wetter brûkt ha om dingen skjin te meitsjen is dat wetter smoarch. Dit wetter wolle wy kwyt. Dêrom litte wy it fuortrinne. Dit smoarge wetter mei net samar yn 'e sleat. Us ôffalwetter komt yn de buizen fan it rioel. Dêr kin it fansels ek net bliuwe. It rioel soe fol reitsje. Dêrom pompe we it rioelwetter nei in wettersuvering. Yn in wettersuvering meitsje se fan smoarch wetter wer skjin wetter. Net skjin genôch om te drinken, mar wol skjin genôch foar yn 'e sleat.



Opdracht 1.


Skjinmeitsje kin op in protte manieren. Sykje de goede plaatsjes by inoar. By elk sifer heart in letter.

1	2	3	4	5	6	7	8	9
---	---	---	---	---	---	---	---	---



Wettersport

Wetter út 'e kraan kinst drinke. Wetter út 'e sleat net. Dat wetter kinst op in hiel oare manier brûke. Swimme, reedride, farre of fiskje binne machtich om te dwaan. In protte minsken fine it hearlik om op of by it wetter te wêzen. Sawol yn de simmer as yn de winter.



Opdracht 1.

Set de wurden yn it goede fak. Kies út: redens, sylboat, swimbroek, angel, bikini, sjaal, snoer, kano, skepnet, mûtse, dûkbril, surfplanke, handoek, fiskkoffer, wanten en roeiboat.

Swimme	Reedride	Farre	Fiskje
1 _____	1 _____	1 _____	1 _____
2 _____	2 _____	2 _____	2 _____
3 _____	3 _____	3 _____	3 _____
4 _____	4 _____	4 _____	4 _____

Opdracht 2.

Wat dochsto it leafste op of by it wetter? Meitsje der in tekening fan.



UUUUU



Skikky

UUUUU

Taal 2B wetter

Opdracht 1.

Sykje it goede wurd.

Fan 'dom' 'kop' en 'lampe' kinst twa nije wurden meitsje. Domkop, dan bist net sa slim en koplampe. Dat is de grutte lampe fan in auto.

Skriuw de fiif wurden op it goede plak yn de middelste kolom.

Ast it goed dochst en goed sjochst, ûntsteane links en rjochts tsien nije wurden.

Kies út: **motor, fjild, fyts, blom** en **see**.



wetter _____	_____	_____ pomp
gers _____	_____	_____ ûle
Waad _____	_____	_____ fûgel
auto _____	_____	_____ pech
hynste _____	_____	_____ pot

Opdracht 2.

Trochstreekpuzel

R	I	O	E	L	S	N	I	E
S	E	K	D	R	I	N	K	E
W	J	S	E	F	A	R	R	E
I	K	I	N	R	K	L	O	W
M	S	N	I	S	L	E	A	T
M	A	N	E	A	S	I	L	E
E	W	E	R	K	O	P	K	E
F	I	S	K	J	E	A	I	E
N	R	E	T	T	E	W	I	E
D	Û	K	B	R	I	L	S	S

- Drinke
- Dûkbril
- Farre
- Fiskje
- lis
- Kopke
- Reine
- Rioel
- See
- Sile
- Sinne
- Sleat
- Snie



- Swimme
- Waskje
- Wetter
- Wolk


Wetter komt út 'e _____



Krúswurdpuzel

Yn de puzel sitte dizze wurden twa kear:
pater, kopke en earen. Kinsto se op it goede plak sette?

1		2		3
2				
3				



Yn dizze puzel sitte: **spûns, sorry en ûnder**

1		2		3
2				
3				

Sudoku

Yn dizze sudoku brûkst de sifers 1 oant en mei 6.
Se sitte yn elke kolom, rigel en yn elk hok

4					3
	3			4	
		2	3		
		1	4		
	6			2	
5					1